

Provinsjale Steaten fan Fryslân
CDA, frou A. Meekma, en
CU, hear W. de Vries
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 16 maart 2021
Ferstoerd, **17 MAART 2021**

Ús merkteken : 01855704
Ôfd/Opjefte : Grien Fryslân
Opsteld troch : 
Jo merkteken : 01849176
Ûnderwerp : Beäntwurdjng skriftlike fragen oer de nije greidfûgelregels foar greidfûgel- en ikkerfûgelgebieten yn de nije Omjouwingsferoarding

Achte frou Meekma, achte hear De Vries,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 12 febrewaris 2021, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynlieding:

Wy lêze op 'e webside 'NieuweOogst.nl' 1 dat de Provinsje wurket oan nije greidfûgelregels foar boeren yn greidfûgel- en ikkerfûgelgebieten. De regels soene diel útmeitsje fan de nije Omjouwings feroarding, dy't de Steaten oan it ein fan dit jier fêststelle moat.

Fraach 1:

Is de deputearre op 'e hichte mei de ynhâld fan dit artikel? Sa ja, kin jo oanjaan dat it kolleezje dizze regels foarlizze wol oan PS?

Antwurd fraach 1:

De Untwerp Omjouwingsferoarding Fryslân, ynklusyf kêst 5.31 Maatwerkregel soorten vogelrichtlijn: spesifike zorgplicht ter beskerming van Weidevogels, is op 16 febrewaris 2021 yn DS fêststeld en leit no op besjen. Alle sjenswizen wurde ferwurke yn in reaksjenota en de definitive omjouwingsferoarding en reaksjenota sille ein juny/begjin july yn DS bepraat wurde en dêrnei foar fêststelling nei PS stjoerd wurde. PS hat no allinne in ynformearjend brief krigen.

Fraach 2:

Yn it artikel wurdt neamd dat regels nedich binne, omdat tsjinoer de soarchplicht ek in fergoeding stiet. Is de deputearre op 'e hichte mei it feit dat it grutste part fan de boeren yn it yntekene gebiet gjin fergoeding kriget?

Antwurd fraach 2:

De Maatwurkregel is fan tapassing op de libbensgebieten iepen gerslân en iepen boulân. Dy gebieten binne op in kaart, dy't ûnderdiel útmakket fan de ûntwerp-Omjouwingsferoarding, werjûn. Yn dy gebieten kinne boeren yn oerlis mei de agraryske kollektiven foar in behearsubsydzje foar Agrarysk Natuer en Lânskipsbehear yn oanmerking komme. Dat is in lyts part fan de boeren yn de oanbelangjende libbensgebieten. Dêrneist kriget it grutste part fan de boeren ynkommenstipe fia de basisbetelling mei û.o. it doel noed te stean foar lânskip en miljeu.

Fraach 3:

It kolleezje wurket meastentiids mei de saneamde Fryske oanpak (fan oerlis). Is der oer dizze regels ek oerlis west mei boere-organisaasjes, it Kollektivenberied en de BFVW? Sa nee, wêrom net? Sa ja, wat wiene de útkomsten fan it oerlis?

Antwurd fraach 3:

Ein ferline jier is der in konsultaasje hâlden oer in konsept fan de Untwerp-Omjouwingsferoarding. Partijen koene dêrnei oant 11 jannewaris 2021 har opmerkings en oanfolgings op dizze tekst ynbringe. Fierder stie de ûntwerptekst op 4 desimber agindearre foar it Oalterterpoerlis. Yn ferbân mei tiidgebrek is koart hjiroer sprutsen. Dêrnei hat in oantal Oalterterppartners op 17 desimber de ûntwerpteksten besprutsen. Yn it Oalterterpoverleg fan 22 jannewaris is útwreide stilstien by de ûntwerpteksten fan de soarchplicht. Fierder is ek op 22 jannewaris de Provinsjale Commissie Landelijk Gebied (PCLG) hjiroer ynformearre. Op fersyk fan de PCLG is yn it adfys oer de Startnotysje Nota Greidefûgels 2021-2030 in apart ramt oer de soarchplicht opnaam.

Fraach 4:

LTO en it Kollektivenberie jouwe oan dat dizze regels ûnwurkber binne en dat dêrtroch boeren ôfhekje sille. Dat soe funest wêze foar de greidfûgels en de ikkerfûgels. Kin de deputearre dúdlik meitsje wêrom en op hokker wize dizze nije regels wol wurkber binne?

Antwurd fraach 4:

De soarchplicht stiet al 15 jier yn de wet. Krekt lykas dat it ek al salang ferbean is om opsetlik nêsten en aaien fan fûgels te fernielen. De regels binne wat dat oanbelanget net nij. Wy lizze no de klam op de regels fan de Wet natuurbescherming, mei in útwurking fan dy regels yn de Untwerp-Omjouwingsferoarding. Yn de taljochting op it artikel stiet oanjûn dat de ynventariaasje útfierd wurde kin troch in lokale fûgelwachter of neisoarger fan de Bûn Fryske Fûgelwachten (BFVW) of in oare 'ter zake kundige', lykas dat no ek al bart. It wie ús neidruklike bedoeling om yn de regels op te nimmen dat ek de boer sels dy rol op him nimme kin. Mar yn de Untwerp-feroarding is dat ûnfoldwaande ferwurde. Dêrtroch koe it byld ûntstean dat de boer altyd in tredde ynskeakelje moat. De sjenswizeperioade is bedoeld om dit soarte punten op tafel te krijen.

Fraach 5:

Kin de deputearre tasizze om mei dizze partijen (en ek mei de BFVW) om tafel te gean om oerienstimming te berikken, oer ynfulling fan en help by it foldwaan oan 'e soarchplicht? Yntsjinner(s) (fraksje / namme / hânt.


Antwurd fraach 5:

It muoit ús dat der sa'n soad ûnrêst ûntstien is op it ûnderdiel fan de beskerming fan greidefûgels. In breed en mienskiplik draachflak ûnder boeren, leanwurkers, fûgelwachters

en oerheid fine wy fan grut belang. Wy sille dêrom it inisjatyf nimme om yn de kommende wiken – de ynspraakfaze fan de ûntwerp Omjouwingsferoardering – mei de oanbelangjenden yn petear te gean om safolle mooglik mei-inoar droegen ôfspraken yn de Omjouwingsferoardering op te nimmen. Ofspraken dy't rjocht dogge oan de ynset fan boeren foar greidefûgels, en greide- en ikkerfûgels yn foldwaande mjitte beskerme.


Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



foar dizze, de loko-foarsitter

drs. A.A.M. Brok, foarsitter



R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris